

Personaazjes hawwe te lijen fan boadskip

FD 28-04-2004

It berjocht dat *Swarte ingels* fan Willem Schoorstra (1959) oer in leafdesrelaasje tusken broer en suster giet, wie de roman al foarút flein. Dochs is noch mar de fraach oft it dêr echt oer giet.

GERBRICH VAN DER MEER

Utsûnderlike leafdes. Twa jier lyn skreau Aggie van der Meer der al oer yn har bysûndere debútroman *Lytse roman fan Jon Fels*. Yn dy novelle kriget it jonkje Jon Fels in ûnskuldich kontakt mei Warner Reints, in pedofyl sa't letter bliken docht. Yn dy relaasje besiket Warner in balâns te finen tusken syn oprjochte leafde foar jonges en dat wat neffens de mienskip legitimearre is. Willem Schoorstra (1959) syn romandebút *Swarte ingels* giet misken oer in noch utsûnderliker tabú-as dat überhaupt bestiet: in leafdesrelaasje tusken broer en suster.

Ut it perspektyf fan haadpersoan Hilbrand wei, in jonge fan in jier as fyftjin, leare wy de húshâlding kennen. Heit Douwe is boer en hat betiden klauwen oan syn bedriuw om de holle boppe wetter te hâlden. Hy bekroadet him amper om frou en bern, mar ferwyrt tagelyk syn frou wol dat de bern kasplantsjes wurde as se har sosjaal en fysyk net ûntjouwe. Marcella is de artistike mem dy't steefest yn har atelier skilderet en in keunstsinne opfieding foarstiet. Sy fynt it net slim dat beide bern sa op harsels binne en mei de holle yn 'e boeken sitte. Fardou is de suster fan Hilbrand dy't selsbewust oeral it foartou yn nimt.

Hilbrand en Fardou hawwe te lijen ûnder de minne relaasje fan heit en mem. Wurde de rûzjes earst noch efter sliepkeamerdoarren útfochten, as de bern âlder wurde kinne de âlden it net litte en sis elkoar ek oerdeis it leksum op. Tsjin dat swarte dekor fan ferwyrt en misbegryp liket de bân tusken broer en suster idyllysk en smetleas. Bang foar in skieding tusken heit en mem en dêrmei harsels smeie se in letterlike bloedbân dy't har foar altyd bine sil.


Yn it twadde part fan it boek is fan ûnskuldich bernlik boartsjen

gjin sprake mear. Hilbrand wurdt âlder. Hy begjint Fardou oars te besjen en kriget der grutte muoite mei dat oaren har ek graach lije meie. Alhiel ferstuivere is er as er trochkriget dat syn fereale gefoelens alles mei syn suster te krijen hawwe. Hy is fereale op Fardou! Sa seit er op side 77: „Yn alle fantasijen spile Fardou fansels in rol. Hja wie in part fan my, sa't ik in part fan har wie. Destiids bestie der gjin takomst, en, foarsafier't ik dêr al gedachten oer hie, wiene dat dizeneige foarstellings, ûngefaarlke dreamerijen dêr't wy tegearre sintraal yn stiene. Dat wie normaal. Mar wat doe normaal wie, beangstiget my no. De fantasijen dy't ik der de lêste tiden op nei hâld, binne nachtmerjes fan in paradys dêr't wy as man en frou yn tahâlde.” Hilbrand kin syn gefoelens nerges kwyt, sels net oan syn bêste freon Riemer. Ofstân nimme helpt ek net. Syn ferealens bliuwt. De útwei dy't er fynt, foarmet de ynset fan it tredde part fan it boek.

Fardou komt efter syn langstmen. En dan blykt dat syn ûnberikbere suster noait ûnberikber west hat. Alle remmen geane los yn dizze ûnmooglike leafde. Mar dan komt de bûtenwrâld der efter.

Leafdespartners

Puber Hilbrand is de ik-persoan yn it ferhaal. Dat ferklearret dat heit en mem sa swart-wyt úttekene wurde. De minne relaasje fan heit en mem mei mindere en bettere riten komt hielendal op it konto fan heit te stean. Heit giet noait mei nei mem har famylje, is foar it grutste part in noartske, ûnberikbere man en hat allinnich mar ynteresse foar it swimmen fan Fardou en Hilbrand omdat hy dat sels sa wichtich fynt. Mem sit faak allinnich op 'e bank as heit wer fuort is. Tagedienens fan de iene nei de oar, wurdt faak net beantwurde.



In wike fakânsje op it Amelân moat de relaasje tusken heit Douwe en mem Marcella in ympuls jaan. Wylst Hilbrand en Fardou hielendal yn elkoar op geane, is heit nei in pear dagen al wer fuort.

Foto: FD

Nei't Hilbrand en Fardou elkoar as leafdespartners fûn hawwe, wurdt har relaasje foar in grut part beskaat troch petearen oer har utsûnderlike relaasje ('Wy lykje tefolle opinoar,' seit se. Sa bot dat wy ien binne' (side 119)), sekssênes en petearen oer heit en mem. Hilbrand fynt Fardou geweldich, hy befreget har lakonyk gedrach wol, mar akseptearret it leafdefol. Hieltyd wer lit de naive Hilbrand him oerrompelje troch de berekkenjende Fardou, dy't ûnferstuerber har eigen gong giet - soms ta yn it ekstreme- en alles yn 'e

hân liket te hawwen. Sels as se heart dat heit frjemd giet, hat se har antwurd klear. Wylst Hilbrand him noch ferbaze lit troch de ûntwikkelingen, is Fardou op alles tared. Fan seksuele ûntjouwing by Fardou is ek gjin sprake, nee, Fardou wit alles al en sa lûkt se Hilbrand yn hieltyd wer oare standjes mei. Fardou wit ek presys hoe't se har relaasje geheim hâlde kinne, nammentlik troch oare relaasjes oan te gean. It griist Hilbrand oan, mar it giet wol troch. Want Fardou hat, sa seit Hilbrand op side 205, altyd gelyk. Dêrmei komt de ti-

tel fan de roman *Swarte ingels* dy't ferwiist nei de tagelyk tsjustere en ferheven relaasje tusken har, yn in ferriederlik en benearjend oar ljocht te stean.

De simpele typearring fan heit en mem is karikaturaal. Mar hiel selden ûntstigt Schoorstra dy typearring wat as heit oan 'e ein fan de roman de bern fertelt wêrom't er net mei giet nei de begraffenis fan pake Hero. De rasjonele Fardou bliuwt as berekkenjende frou ek hiel ien-diminsjonaal. Ek al fernimme wy fia Hilbrand dat de komplekse

sitewaasje wis wol oan har fret, it oertsjûget net.

Hilbrand wurdt wol in mins fan fleis en bloed mei syn emoasjes, syn ûnsekerheden en fragen, mar hy stiket tefolle yn konstataarringen, ta werklike refleksje en ynsichten lykas Warner yn *Lytse roman* fan Jon Fels komt hy lykwols net. De leafde tusken him en syn sus is in gevegen, in lot wat him oerkomt. Hilbrand is net by machte om dêr in eigen kear oan te jaan. Op side 234 seit er: „Ien kear ha 'k noch, yn in swak momint, Fardou frege hoe't it fier-

der moast mei ús, fral mei ús. Hoe't se doe seach. Ik skamme my ta de teannen út. Om't ik it wol wist.”

Legitimaasje

Wêrom hat Schoorstra dochs skreaun oer in leafdesrelaasje tusken broer en suster. Gewoane freon-dinnen hiene dochs ek ûnberikber wêze kind foar Hilbrand en stof jûn foar in ferhaal? Ik tink dat de skriuwer dy utsûnderlike relaasje fan broer en suster nedich hie foar syn boadskip oan 'e wrâld. Allinnich troch dy bûtengewoane konstruksje koe er de lêzer konfrontearje mei de folgjende fraach: wêrom hat in relaasje lykas dy fan heit Douwe en mem Marcella, dy't legitimearre is, mar tagelyk deadlik om't se elkoar allinnich mar knoeie, yn ús maatskippij mear bestearsrjocht as in leafdesrelaasje lykas Hilbrand en Fardou, dy't yn harren optyk yntins en earlik is, mar dy't net akseptearre is? Allinnich troch te kiezen foar in utsûnderlike leafdesrelaasje dy't ôfgriis opropt koe de skriuwer de lêzer syn rjochting út ferûntrêste. De ynhâld stiet dus yn tsjinst fan dat boadskip: leafde lit him net liede troch maatskiplike konvinsjes. Wat swart-witer it ferhaal, wat dúdliker it boadskip. Hilbrand en Fardou wolle graach takomst, mar krije dy net; heit en mem hawwe takomst, mar meitsje der gjin gebrûk fan. Moraal: oardielje dochs net sa gau.

De foarm fan it boek stiet yn tsjinst fan datselde boadskip. Nei in *flash forward*, dy't foarút grypt op de slotsêne, binne de kontekst, it belibjen en de gefolgen fan de leafdesrelaasje maklik te trasearjen yn de trije dielen, dêr't de roman út bestiet. De personaazjes hawwe lykwols ûnder dat boadskip te lijen hân. Net har show, mar dy fan Willem Schoorstra *must go on*. Hiene se mear romte krigen fan de skriuwer, dan hie it ferhaal miskien in oare kear krigen en in oar boadskip, mar fêst dat it dan wol tichter op 'e hûd kommen wie.

Swarte Ingels. Willem Schoorstra. Utjouwerij Frysk en Frij. Priis: 20 euro.